



len foar it ôfwennen

1. As prozaïst frege wurde om it lêste ienentweintichste-iesuske (ienentweintichste-iuwske, 21ste-iesuske, 21ste-iuwske) Frysk diktee yn de hjoeddeistige boekstoaiing te skriuwen, soe samar resultearje kinne yn in melangoalysk, swiersettich stik tekst, mei dwersknepelige oanienriigjende wurdkombinaasjes dy't as doel hawwe om it maleur dat de Fryskskriuwers oerkomt, breed út te mjitten.
2. Want litte wy (wij) mar net om de hjitte brij hinne draaie, wy Friezen tinke ús al gau oan de râne fan de jammerpoel as it oer ús taal giet, oft (at) dy no fan memme- of heite-erf oanleard is, feroaringen steane garant foar opposysje mei de haadklam op âldwenstigens.
3. De kidelhoarnige blogs (blochs), stikelige Facebookberjochten, bitende tweets (twiits) en njoere ynstjoerde stikken yn de kranten fleane jin algeduerigen om de earen, it liket foar in trochsneed Ymportfries grif of is it jimmerduorjend slaande deilis yn de moaiste provinsje fan it Keninkryk fan de Nederlannen.
4. Mar ho ris efkes, maile (mele), sms'e, chatte (tsjette), appe (eppe) en facebooke wy ek al net en binne wurden lykas play-offs (plee-ofs), penalty (penelty), laptop (leptop) en accountantstsjinst (akkountantstsjinst, akkountentstsjinst) noch wei te tinken út ús troch-en-deisk fokabulêre?
5. De tiden fan bjinstalten, seinen yn de swinge, op sneintejûn de Bokkeleane op en del paradeearje om in faam te sykjen en súntsjes nûnderjend de húsketonne te leegjen, is ferefongen troch op de bank nei de lcd- of ledtelevyzje (ledtelefyzje) sitte te stjereagjen, of, like nijmoadrich, nei de iPad, in Samsungtablet, in mobile telefoan of sels de Google Glass, dêr't je grif de karaokeferzje fan Gurbe Douwstra syn 'Lit jim gean Friezen' op projekt earje kinne.
6. Guon sille sokke yntegrearre wurden lykslaan mei taalfersmoarging, mar de koer fan it kuorbaljen is fan giel plestik (plastic) en net mear fan rotan, de pols om fier mei te ljeppen is al lang net mear fan eskenhout mar fan karbon, de seilen fan de skûtsjes binne fan dakron en net mear fan katoen en sa wurdt alles modernisearre, ek de talen oeral op de wrâld, foarsafier't se noch net ûndersnijd binne troch de dominante foarmen.

7. Dit diktee wie ien foar it ôfwennen, oar jier sille skriuwer en dielnimmers kedize moatte oer de nije wize fan staverjen fan wurden lykas ynvaliditeitsfersekering (ynfaliditeitsfersekering) en televyzje-akteur (telefyzje-akteur), en sil der stoef (stûf) bodde wurde op wurden as ieu (iuw), Sieu (Siuw), Hebrieusk (Hebriuwsk), treurboek (treurbûk) en wûpsty (woepsty)!

*Ferdinand de Jong, maaie 2015*

Tusken heakjes steane farianten dy't ek goed binne. It foarheaksel tele- mei ek as tille-skreaun wurde. De krekt ynfierde staveringsferoaringen binne by dit diktee noch net fan tapassing mar mei wol brûkt wurde. De staveringsregels fan 1980 (de sn. Steatestavering) en 1982 (regeling stavering frjemde wurden), sa't dy tapast binne yn Frysk Wurdboek diel 1 (Frysk-Nederlânsk), Frysk Wurdboek diel 2 (Nederlânsk-Frysk) en it Frysk Hânwurdboek 2008, jilde.